



## Eksperimint oer ûnderbewuste foaroardielen

Assosjearret it brein positive dingen mei de Fryske taal, of dochs earder mei de Nederlânske taal? En hoe sit dat dan mei negative dingen? Dr. Hielke Vriesendorp freget de help fan 400 Frysktaligen, binnen en bûten de provinsje Fryslân, en fan 400 net-Frysktaligen om dit te ûndersykjen.

Vriesendorp ûntwikkele in [online eksperimint](#) dat de ûnderbewuste hâldingen mjit oangeande it Frysk en it Nederlânsk mei de help fan in sorteartaak. [\(NL/Eng\)](#)

## Utstellen Taalkundedei ynstjoere oant 1 augustus




Hawwe jo wat nijsgjirrichs te fertellen oer in ûnderwerp oangeande de Fryske taalkunde? Bygelyks in rapportaasje fan wittenskiplik ûndersyk, presintaasje fan ûndersyksplannen, spekulaaesjes of fan taaldatabanken? Wolkom om oan ús taalkundedei (25 oktober) in bydrage te leverjen! [Utstellen ynstjoere](#) kin noch oant 1 augustus. [\(NL/Eng\)](#)

## Bannen tusken Ingelân en Fryslân geane fier werom.



De bannen tusken Ingelân en Fryslân geane hiel fier werom. 27 Juny kamen twa fertsjintwurdigers fan de Ingelske ambassade op besite by de Fryske Akademy. Keith Allan (Deputy Head of Mission, [British Embassy The Hague](#)) en Max Scragg (Economic and Social Affairs Attaché) lieten harren ferrasse troch al it ûndersyk dat de Fryske Akademy docht - en dien hat - yn gearwurking mei Britske ûndersikers op it mêd fan skiednis en meartaligen.


## Nije generaasje Friezen set eigen taal op earste plak



Us promovendus Martijn Kingma waard ynterviewd oer trijetalige skoallen troch it SBS6 nijsprogramma Hart van Nederland. De [reportaasje](#) is [online](#) werom te sjen.

## Utljochte

### Wurk oan Jurisprudentia Frisica goed op gong




Op woansdei en tongersdei 26 en 27 juny kaam it team dat al fiif jier dwaande is mei in nije edysje en Ingelske oersetting fan de Aldfryske tekst Jurisprudentia Frisica by elkoar foar in wurksessy. It team bestiet út prof.em.mr. Jan Hallebeek, prof.dr.mr. Hylkje de Jong (beide VU Amsterdam), dr. Han Nijdam, dr. Oebele Vries (beide Fryske Akademy), en dr. Marvin Wiegand. Marvin Wiegand is ferline jier oktober promovearre op in ûndersyk nei it gelearde rjocht yn Fryslân yn de 15<sup>e</sup> iuw.

De tekst Jurisprudentia Frisica foarmet it aldergrutste part fan it hânskrite Codex Roorda. It makket diel út fan de Von Richthofenkolleksje fan Tresoar, dy't sûnt ferline jier registrearre is as Unesco Memory of the World. Dit hânskrite is it lêste dêr't noch gjin moderne edysje en oersetting fan beskikber is, en dat is net om 'e nocht.

**Links:**  
[Von Richthofenkolleksje](#)  
[Edysje Freeska Landriucht](#)

## Fryske Rie siket in skriuwer (sekretaris)




De Fryske Rie is in aktive organisaasje dy't as doel hat de kulturele kontakten mei de Friezen yn Ostfriesland en Nordfriesland te ûnderhâlden en te stypjen. De trije Fryslannen foarmje mei elkoar de Ynterfryske Rie (Interfriesische Rat).

It bestjoer fan de Fryske Rie fertsjintwurdiget in brede achterban mei leden dy't út allerhanne fermiddens fan it Fryske maatskiplike libben komme (ûnderwiis, wittenskiplik, media, tsjerken, boeren, ensfh.)

**De Fryske Rie siket in skriuwer (sekretaris)**

## Tip!

### Akademylêzingen winterskoft 2024 - 2025



**De 65<sup>ste</sup> rige Akademylêzingen set yn novimber útein. De rige bestiet út trije lêzingedagen fan 10.00 – 15.00 oere en wurdt holden te Ljouwert en Op 'e Jouwer.**

**Freed 22 novimber 2024**

Dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, Fryske Akademy sprekter oer 'Frisia en de Vikingtjied'.  
Dr. Nynke Boonstra, Lector NHL Stenden hâldt in lêzing oer 'Verpleegkunde in de GGZ'.

**Tisdei 21 jannewaris 2025**

Dr. Johanneke Liemburg fertelt oer 'Geertje Lycklema a Nijholt, 1938 - 2014 - Feministich strategisch'.  
Prof. dr. Marien de Jonge, Radboud Universiteit Nijmegen, sil it hawwe oer 'Infectie en immuniteit, afweer en beskerming'.

**Freed 14 maart 2025**

Froukje Hernamdt, direkteur Natuermuseum Fryslân, fertelt oer 'De takomst fan it Natuermuseum Fryslân' (moarns yn Ljouwert).  
Dennis Voeten, konservator Natuermuseum Fryslân, sprekst middeis Op 'e Jouwer oer 'Friese Dino's in vogelvlucht. De oorsprong en evolútie van vogels'.  
De titel fan de lêzing fan M.W.P.M. ter Berg, senior raadsheer bij het Gerechtshof Arnhem-Leeuwarden. liedt: 'Als u rechter was, dan zou u ..... of toch maar niet.'

**Kaarterkeap en mear ynformaasje**

## Publikaasjes




**Hoekstra, E., Slofstra, B. & Wolf, H. (2024)**  
**Aodkstron in schwa in Saterland (Frisian)**  
Yn: *Taal & Tongval*. 76, 1, p. 37-65



**Brand, A. J. (2024)**  
**Friese koopvaarders bij Wight gekaapt**  
Yn: *Historisch Tijdschrift Fryslân*. 30, 3, p. 23-27 5 p.



**Merkuur, A. (2024)**  
**Besunigje tsjin better witten yn**  
Yn: [www.frisistyk.nl](http://www.frisistyk.nl)



**Thomas, K. (ed.), Ybema, J. (ed.), Jansen, M. (ed.), Robinson-Jones, C. (ed.), Huck, D. & Erhart, P. (2024)**  
**German: The German language in education in France (Alsace) (3rd ed.)**

Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning. 80 p. (Regional Dossier series)

**Mear publikaasjes**

## FA yn de media

- Romme mearderheid Europeanen stipet minderheidstafel, blykt út grutte enkête (Omrop Fryslân)
- Provincie Fryslân zet bezuinigingen op de Friese taal door: 'In poermin sinjaal' (LC)
- Snijden in Fries taalbudget gaat door, maar meer aandacht voor streektaalen (Friesch Dagblad)
- Nieuwe generatie Friezen zet eigen taal in toekomst op eerste plek (Hart van Nederland)
- Petyse tsjin besunigingen Frysk oanbean oan de provinsje (Goeie.frl)
- 400 Frysktaligen socht foar online eksperimint oer ûnderbewuste foaroardielen (Goeie.frl)
- Wa docht mei oan online eksperimint oer ûnderbewuste foaroardielen oangeande it Frysk (Balkster Courant)
- Snijden in Fries taalbudget gaat door, maar meer aandacht voor streektaalen (Friesch Dagblad)
- Rebûlje by Frysk-nasjonalen: alle FNP-wethâlders liik op Steatefraksje (Omrop Fryslân)
- Griem ljocht foar kultuerbesunigings; trije ton minder nei Fries Museum (Omrop Fryslân)

## Aginda

**29-30 augustus 2024, Grins**

**13e Ynternasjonale Konferinsje oer Treddetaalwinning en Meartaligen (IAM L3)**  
Fryske Akademy/Mercator stipet dizze konferinsje, organisearre troch UMCg/Ryksuniversiteit Grins.

**13 septimber 2024, Binnentún Fryske Akademy, Ljouwert**

**Akademydei 2024**

De Fryske Akademy nûget alle leden, stipers en relaasjes fan herte út ta it bywonen fan de jierlikse Akademydei, de ôfslúting fan ús jubileumjier!

**25 -27 septimber 2024, Waterford City, Ierlân**

**WikiWomen projektpresintaasje, Celtic Knot Wikimedia Language Conference**

**1 oktober 2024, Ljouwert**

**OWL+ 4th Multiplier Event.** Organisaasje Fryske Akademy/Mercator

**5 oktober 2024, Ferskate lokaasjes Ljouwert**

**Wykein fan de Wittenskip**

**25 oktober 2024, Fryske Akademy, Ljouwert**

**13e Dei fan de Fryske Taalkunde**

**\* Oprop foar lêzingen: deadline 1 augustus 2024**

Organisearre troch de Fryske Akademy

**7 novimber 2024, Ljouwert**

**Mercator International Conference 2024**

**18 novimber 2024, Ljouwert 18 novimber 2024, Ljouwert**

**WikiWomen WikiThon**

**22 novimber 2024, Ljouwer en Op 'e Jouwer**

**Akademylêzingen seizoen 2024-2025**

## Kontakt



### Fryske Akademy

Besikersadres: Doelestrjitte 8, 8911 DX Ljouwert

Postadres: Postbus 54, 8900 AB Ljouwert

Telefoan (resepsje): 058 - 213 14 14

E-mail



Website



LinkedIn



Facebook



Twitter



Instagram

Dizze nijsbrief is in digitale efterfolging op ús ledeblêd Ut de Smidte.  
Rûn 15 augustus ferskynt der wer in nije edysje.

Binne jo al stiper fan de Fryske Akademy?  
In reaksje op dizze nijsbrief kinne jo stjoere nei de redaksje.

Oanmelde kin hjir.

Dizze e-mail is ferstjoerd oan {{email}}.

Wolle jo gjin nijsbrief mear ûntfange, dan kinne jo josels hjir ôfmelde.

Jo kinne ek jo gegevens ynsjen en feroarje.

Foar in goede ûntfangst foege jo nijsbrief@fryske-akademy.nl ta oan jo adresboek.